

## Lette rassen skoare goed by folyteelt

Mids betide en lette rassen leverje genôch kwaliteit en massa om tapasse te kinnen by folyteelt. Dat blykt út de resultaten fan meardere proeffjilden wêr't ferskillende rassen mei elkoar fergelike binne. Lette rassen lieten hege opbringsten sjen.

Nei wikselynde resultaten yn 2012 wêrby de teelt te kampen hie mei in hele wiete maitiid binne dy fan 2013 in stik stabiler, konstatearret adviseur Hein-Willem Leeraar. De foarsprong dy't de mais ûnder foly yn de kâlde maitiid opboud hie, wie yn de simmer dúdlik waar te nimmen.

De groeispuurt dy't de gongbere mais dêrnei makke, makke it ferskil yn setmoal net mear goed. Ek oanpassingen oan de masine, mei in ferbettere drukferdieling op' e boaiem en siedzje yn rijenkultuer, pakte goed út, konstatearret Leeraar.

### **MONTFOORT**

It ôfrûne jier binne der ferskate proeffjilden oanlein wêrop rassen fergelike wurde. Foaral it proeffjild yn Montfoort fan coöperatie De Samenwerking en leanwurker Hans van Leeuwen levere ferrassende resultaten op. Yn de proef waard de grins opsocht wat it gebrûk fan ekstreem lette rassen oanbelange.

'Wy brûkten rassen dy't net yn Nederlân ferboud wurde', fertelt Albert Snoei fan De Samenwerking.

It proeffjild mei acht ferskillende rassen ûnder foly levere in gemiddelde opbringst fan 21,8 ton droege stof de hektare op mei in droege stof persintaazje fan 37.8. De rispe mais befette gemiddeld 383 gram setmoal de kilo droege stof mei in totaal fan 8.351 kilo setmoal de hektare (sjoch tabel)

### **TERNAARD**

Op it proeffjild fan Limagrain by de maatskip De Graaf yn Ternaard waard gemiddeld 17.8 ton droege stof de hektare helle mei in droege stof persintaazje fan 36.7. It setmoalgehalte lei mei 402 gram de kilo droege stof wol heger as yn Montfoort, mar de folsleine poarsje setmoal de hektare wie mei 7.167 kilo leger.

'De teelt is goed slagge. De teler hat mei sukses geunstige omstannichheden ôfwachte foar't er siedde', sei Fred Lugthart fan Limagrain. 'Foaral de lettere rassen ha it goed dien en leverje genôch kwaliteit en massa. Dat is nedich om genôch saldo fan in hektare helje te kinnen.'

Opfallend wie hjir it resultaat fan LG224 dat yn Ternaard folle better wie as yn Montfoort en mei 8.038 kilo setmoal de hektare it bêst prestearynde ras fan it proeffjild wie.

### **FRIENS**

It proeffjild fan Innoseeds op it bedriuw fan de maatskip Hylkema yn Friens levere gemiddeld 18,5 ton droege stof de hektare mei in droege stof persintaazje fan 32,3 en 387 gram setmoal de kilo droege stof. It totaal oantal kilo's setmoal de hektare wie hjir gemiddeld 7.184 kilo.

Ek hjir dienen de lette rassen it better as de betide. Messago kaam as bêste út de bus, mar ek de lette rassen Borelli en Sunstar dienen it goed. 'Greidboeren wolle toch opbringst. De lette rassen ûnder foly rypje op tiid ôf en ha in geunstich setmoal en droege stof gehalte', seit Hendrik Nagelhoud fan Innoseeds.

Fergelyking fan de resultaten fan ferskate rassen op meardere proeffjilden

v. Leeuwen, siedzjen 7 april, rispinge 7 oktober, lichte klaai Utrecht

De Graaf, siedzjen 3 maaie, rispinge 7 oktober, lichte klaai Ternaard

Hylkema, siedzjen 6 maaie, rispinge 7 oktober, lichte klaai Friens